

Jierferslach

20 \ \ \

\ D / N G \

\ T / / D \

\ \ \ 1 7

De namme DINGtiid

In 'ding' wie yn de tiid fan de âlde Germanen in gearkomste dêr't de frije mannen yn byinoar roppen waarden om in kwestje of skeel te besprekken. Sa'n kwestje waard fan alle kanten besjoen en besprutsen. Uteinlik joech de 'asega', in wetskenner, syn advys. It Orgaan foar de Fryske taal set it 'ding' yn in nij perspektyf. As in ûnderwerp aktueel is kin DINGtiid saakkundigen, of krekt bûtensteanders, byinoar roppe yn in DINGpetear en dat tema fan ferskate ynfalshoeken út beprate.

Rol fan DINGtiid

DINGtiid wol oerheden en oare organisaasjes stimulearje om hannen en fuotten te jaan oan de Wet gebrûk Fryske taal (Taalwet, 2014). DINGtiid folget ek oft én hoe't se dat dogge. Mocht dat better kinne, dan kin DINGtiid in advys opstelle oan oerheden en organisaasjes oer hoe't se taalbelied stal jaan kinne. DINGtiid wol it Frysk nei in nije faze bringe. Like nijsgjirrich as de advisearjende rol fynt DINGtiid dan ek syn oare rol, nammentlik it ynspirearjen fan minsken en organisaasjes om fan in yntrinsike motivaasje út it Frysk op in fanselsprekkende wize te brûken. DINGtiid docht dat troch minsken byinoar te bringen, troch ynformaasje te sammeljen en te dielen, troch te harkjen en fragen te stellen, oan te trunen en troch, as dat nedich is, de oerheid te advisearjen. DINGtiid wol ynnovatyf en iepen wêze en siket ek hieltyd nije foarmen om it petear oan te gean.

Massive Online Open Course (RuG)

De MOOC Frisian fan de Ryksuniversiteit Grins is sûnt 2016 trije kear jûn. Yn septimber 2016 wienen der 6725 oanmeldings, yn maart 2017 wienen dat 1802 en yn oktober 2017 joegen 1389 minsken har op. Der binne altyd mear oanmeldings as minsken dy't de kursus oan de ein ta folgje.

Boarne: Ryksuniversiteit Grins (MOOC)

Wa is DINGtiid?

It bestjoer fan DINGtiid bestiet út fiif minsken, allegearre mei harren eigen ekspertize en wurkgebiet. Se hawwe mienskiplik dat harren woartels yn Fryslân lizze en se harsels dêr ek bot mei ferbûn fiele. Tagelyk sjogge se mei in frisse blik nei Fryslân en it Frysk.

- Klaas Sietse Spoelstra (feroaringsstrateech), foarsitter, oandachtsfjild media, kultuer
- Tytsy Willemsma (EU-lobbyist foar Noard-Nederlân), vice-foarsitter, oandachtsfjild bestjoerlike saken, Europa
- Freddy Weima (direkteur Nuffic), oandachtsfjild ûnderwiis
- Hanny Elzinga (Dean University of Groningen Honours College), oandachtsfjild juridyske saken
- Bianca Pander (partner BKB Het Campagnebureau), oandachtsfjild media, (jongerein-/pop)kultuer

Alle bestjoersleden binne foar in twadde perioade fan 2018 ôf werbeneamd. Fan 2019 ôf sil in skema fan ôfgean fan krêft wurde. It bestjoer wurdt stipe troch Anne Popkema (beliedsadviseur), Tjallien Kalsbeek (sekretariaat) en Froukje Sijtsma (kommunikaasje).

Twatalige pjutteboartersplakken

Jier	Pjutteboartersplakken (400)	Registrearre gastâlden (totaal oantal ûnbekend)
2015	48 %	92
2016	53 %	121
2017	56 %	130

Boarne: SFBO

Haadlinen DINGtiid yn 2017

Moetings DINGtiid

DINGtiid hat yn 2017 acht ynterne gearkomsten hân. Mei sawol deputearre S.A.E. Poepjes as Kommissaris fan de Kening A.A.M. Brok hat der ien oerlis plakhân. Mei de deputearre is ôfpraat om de oerlissen te yntinsivearjen nei trije kear yn it jier. Fierder hat der op amtlik nivo geregeld kontakt west mei de provinsje Fryslân en it Ministearje fan Ynlânske Saken. It kontakt mei it Ministearje fan OCW is ek ûnderhâlden. Fierder binne de oerlizen fan Gemeenten & Frysk bywonne. Fansels hat DINGtiid fierder mei in soad oare persoanen en organisaasjes kontakt hân, lykas mei Twadde Keamerleden, Bibliotheek Service Fryslân en Lân fan Taal.

Trijetalige basisskoallen

Der binne sa'n 365 basisskoallen yn de Fryske gemeenten dy't falle ûnder de Taalwet.

Jier	3TS
2014	17 %
2016	19 %
2017	23 %

Boarne: Cedin

Trijetalich fuortset ûnderwiis

Yn 2016 wie der meartalich fuortset ûnderwiis yn Burgum, Wommels, Waskemar, Damwâld en Frjentsjer. De iene skoalle is fierder as de oare. Yn 2017 binne der net mear meartalige skoallen bykaam.

Boarne: Cedin, provinsje Fryslân

Meartaligens as kwaliteit en doel

In swiertepunt lei foar DINGtiid yn 2017 by de presintaasje en de dêrop folgjende diskusje oangeande it ûnderwiisadvysrapport 'Meartaligens as kwaliteit en doel. Advys oer Frysk yn it ûnderwiis'. Yn dat rapport jout DINGtiid tweintich advizen, ornearre foar it ûnderwiisfjild, ynspeksje, provinsje, mar ek âlden en it bedriuwslibben. DINGtiid stelt yn dat rapport dat de ynfastruktuer foar it Frysk yn it folsleine ûnderwiis better brûkt wurde moat, om sa in trochgeande learline te krijen en de takomst fan it Frysk yn it ûnderwiis en ek yn oare domeinen feilich te stellen. De advizen dy't DINGtiid jout binne foar sawol de koarte as de lange termyn en mei de fokus op it Frysk yn in meartalige kontekst.

It advysrapport waard op 3 febrewaris 2017 oanbean oan deputearre S.A.E. Poepjes. Dat barde op de trijetalige CSG Liudger yn Burgum, in skoallemienskip dêr't meartalich ûnderwiis al goed ynbêde is.

Der binne ferskate reaksjes op it advysrapport kaam, ûnder oaren fan Feriening Frysk Underwiis (july 2017), provinsje Fryslân (septimber 2017) en ministearje fan OCW (novimber 2017). De folsleine reaksjes stean op ús webside.

Grut Frysk Diktee

Omrop Fryslân stjoert it Grut Frysk Diktee sûnt 2016 út op tv. Yn 2017 koenen minsken foar it earst it kwalifikaasjediktee digitaal dwaan op fryskdiktee.nl. Foar it diktee is plak foar de 35 bêste dielnimmers en tsien bekende Friezen.

Jier	Dielnimmers kwalifikaasjediktee
2015	135
2016	134
2017	168

Boarne: *Fryske Akademy*

Taalskipper

Yn it advys 'Feroaring en ferbettering' (septimber 2015) stelde DINGtiid it ûntbrekken fan rezjy op de wetlike ferantwurdlikheid oangeande it dossier Frysk oan 'e oarder: it ûntbrekt oan in breed dielde langetermynambysje en in dúdlike koers dêrhinne. Dêrta soe in 'Taalskipper' it stjoer yn hannen nimme moatte, sa stelde DINGtiid. Yn in bestjoerlik oerlis tusken it Ministearje fan Ynlânske Saken en de provinsje (novimber 2016) is bepaald dat de provinsje dy rol fan Taalskipper op har nimme sil. Yn gearwurking mei it Ryk sil de provinsje de rol fan Taalskipper fierder útwurkje, ek yn it ramt fan de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal & Kultuer (BFTK 2019-2023), dy't Ryk en provinsje mei-inoar útwurkje en opstelle. DINGtiid folget as advysorgaan fan tichtby it proses om te kommen ta in nije BFTK, en ek de omskriuwing fan de rol fan de Taalskipper dêryn.

Frysk yn it rjochtsferkear

Yn 2016 organisearre DINGtiid in Dreampetear Rjocht mei ferskate profesjonals. Mei har waard praat oer it brûken fan it Frysk yn it rjochtsferkear. Yn oparbeidzjen mei de Ried fan de Fryske Beweging hat DINGtiid dêr yn maart 2017 ferfolch oan jûn mei it DINGpetear 'Rjocht, fan dream nei *good practice*'. Ynstek wie om út te finen hoe't troch û.o. plysje, Slachtofferhelp, Iepenbier Ministearje, advokatuer en de rjochtspraak de Fryske taal ynset wurdt én wurde kin yn it kontakt mei boargers. Oan de hân fan fragen as 'Wannear en wêr soest it Frysk brûke moatte?', 'Wêrom eins?' en 'Wat smyt it op foar de kwaliteit fan it wurk?' gienen de dielnimmers mei-inoar yn petear. Yn it ferlingde dêrfan waard bepraat hoe't de dielnimmers tinke oer de kânsen foar én de wearde fan it brûken fan it Frysk yn de digitale wrâld (oanbieden fan Frysktalige websiden, mooglikheid om yn it Frysk digitaal oanjefte te dwaan).

DINGtiid op Twitter

Sûnt 2017 is DINGtiid aktiver wurden op Twitter. Der binne 184 tweets ferstjoerd, dy't mei-inoar 127.431 kear besjoen binne. 4173 minsken hawwe ús Twitterprofiel besjoen. De tweets hawwe laat ta 206 nije folgers (437 totaal op 31 desimber 2017).

Boarne: Twitter Analytics

Tweets DINGpetear Rjocht:

“Brûken #Frysk moat ek wol ticht by praktyk bliuwe. Moat doel ha: ferbine, net as doel op himsels.”

“#Frysk dupe fan skaalfergrutting. Behearsking Frysk gjin eask/pree yn fakatueres by justysje of plysje. Dy feardichheden opnimme.”

“Ambassadeurs binne nedich yn it rjochtsferkear dy’t yn #Frysk begjinne. Fan de boade oant de rjochter. Fokus op prate, minder op skriuwe.”

“Dan prate we yn it juridysk foartrajekt #Frysk mei fertochten of slachtoffers, en as we de rjochtseal yngean...wurdt it fuort Nederlânsk.”

Ein 2016 utere de Twadde Keamer har soargen oer it Frysk yn it rjochtsferkear (Keamerfragen Tuskenevaluaasje BFTK, desimber 2016). Fryske saken wurde mooglik faker bûten de provinsjegrinzen behannele troch sintralisasaasje en spesjalisasaasje fan de rjochtspraak. Minister Plasterk sketste yn syn beäntwurding fan dy Keamerfragen (augustus 2017) just in posityf byld fan it Frysk yn it juridyske domein. Op de skriftlike fraach fan DINGtiid oan opfolger minister Ollongren (novimber 2017) op hokker ûndersiken oft dat byld krekt basearre is, krige DINGtiid de resultaten tastjoerd fan in monitoring fan it Frysk yn de rjochtbank troch Rjochtbank Noard-Nederlân fan maart 2017.

Taalferoarding

Yn 2017 wienen der fan de njoggentjin gemeenten dy’t falle ûnder de Wet gebrûk Fryske taal, tolve mei in taalferoarding.

Boarne: Stipepunt Frysk

Lokwinsk oan Twadde Keamerleden

Op 15 maart fûnen de Twadde Keamerferkiezings plak. Om de Twadde Keamer attint te meitsjen op DINGtiid, hat DINGtiid in Frysktalige lokwinsk stjoerd oan alle Twadde Keamerleden út Fryslân óf mei Fryske woartels. Dêryn is ek dúdlik makke dat sy advys of oare fragen oer de Fryske taal of meartaligens stelle kinne oan DINGtiid.

Stúdzjereis nei Eupen

Op útnûging fan it Steatekomitee Frysk hat DINGtiid ein augustus in wurkbesite brocht oan Eupen. Kommissaris fan de Kening A.A.M. Brok wenne ek in part fan de besite by. Yn dizze haadstêd fan it Dútsktalige taalgebiet yn België wienen earder plannen om de rjochtspraak te sintralisearjen. De Dútsktalige rjochtbank yn Eupen stie dêrby yn 'e nominaasje om opheft te wurden. Troch de lobby fan it Dútsktalige parlemint yn Eupen koe dat lykwols keard wurde. In nijsgjirrige kasus: wat kin Fryslân dêr fan leare? Wat it meast ta de ferbylding spruts is de iepen hâlding dy't tsjin it Dútsk oer bestiet. Fansels mei troch de grutte autonomy dy't de Dútsktalige mienskip hat binnen it federale België. De taal fan de easker of fertochte yn België is liedend en dêr past it rjochtssysteem him op oan. Ien útspraak fan de rjochtbankpresidint makke yn it bysûnder yndruk: it brûken fan de eigen taal is yn syn optyk in grûnrjocht, mar soarget der boppedat foar dat de rjochtspraak tagonklikker wurdt en liedt ta in bettere rjochtsfining op alle gebieten, lykas ferhearre. De wurkbesite hat laat ta fernijd ynsjoch, boppedat is de relaasje mei it Steatekomitee Frysk ferfarske. DINGtiid is yn 2017 ferskate kearen by de oerlizzen fan it Steatekomitee Frysk oanskood.

Utjouwerijen

De Afûk is de grutste útjouwer fan Fryske boeken. Fan 2017 ôf beleit de provinsje alle taken oangeande de promoasje fan Fryske literatuer by de Afûk, en koördinearret de Afûk guon ferkeapaksjes. Yn 2017 ferskynden by de ferskillende Fryske útjouwers 58 Frysktalige boeken. Yn 2015 wienen dat 62, en 61 yn 2016.

Boarne: Afûk en Ensafh

Undersyk en byldfoarming

DINGtiid wol graach witte wat der spilet op it mêd fan it Frysk, yn én bûten de provinsje. Troch (DING)petearen en ûndersiken besiket DINGtiid in better byld te krijen fan it fjild. Dy resultaten wurde net altyd publisearre, mar helpe mei yn de byldfoarming. DINGtiid kin frege en net frege advys útbringe. Yn 2017 hat DINGtiid twa advysfragen krigen fan de provinsje Fryslân. Beide ûndersiken hat DINGtiid útset by it Mercator Kennisintrum fan de Fryske Akademy. Ien ûndersyk rjochtet him op de rol fan it Frysk by de gemeentlike weryndielings; in oar ûndersyk sjocht nei de rapportaazjes en oanbefellings fan de Ried fan Europa en giet nei yn hoefier't Nederlân him hâldt oan de bepalings fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen. Dy ûndersiken binne neffens ferwachting heal 2018 klear. Mooglik liede dizze resultaten ta in advysrapport fan DINGtiid.

Fierder hat DINGtiid petearen fierd mei ferskate stakeholders, lykas Lân fan Taal, Afûk en Bibliotheek Service Fryslân, oer taalbefoarding: hoe tinke sy oer de befoarding fan it Frysk, hoe dogge se dat, krije se genôch stipe, wêr rinne se tsjinoan en wat achtsje sy winsklik foar in bettere befoarding fan it Frysk? Ut de petearen blykt dat der ferlet is fan gearhing en konkretere langetermynplannen oangeande de befoarding fan it Frysk. DINGtiid wol dêr in rol yn spylje.

HBO-oplieding Learaar Frysk

Stúdzjejiër	Propedeuze	Edukative BA	Edukative MA
2014/2015	1	2	-
2015/2016	5	2	-
2016/2017	5	-	1

Boarne: NHL

Bestjoersôfspraak Fryske Taal & Kultuer 2019-2023

Yn oanrin nei de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal & Kultuer (BFTK 2019-2023) hat DINGtiid yn 2017 petearen holden mei Ryk en provinsje oer it ûntwerpproses foar de nije BFTK. As taaladvysorgaan foar sawol de Ryksoerheid as de provinsjale oerheid is yn amtlike en bestjoerlike oerlizzen bepraat hoe't de nije BFTK helpe kin om in langetermynfyzje én -ambysje foar it Frysk út te sprekken.

Teaterfoarstellings Tryater

Jier	Reguliere foarstellings + besikers	Foarstellings jongerein + besikers
2015	3 (12.160 besikers)	3 (5.451 besikers)
2016	6 (9.418 besikers)	3 (9.210 besikers)
2017	3 (8.798 besikers)	4 (6.771 besikers)

Fierder makke Tryater yn dizze jierren ek ferskate koproduksjes.

Boarne: Tryater

Foech Frysk op 'e Pabo

Stúdzjejier	Oantal helle foegen
2014/2015	17 (7 NHL en 10 Stenden)
2015/2016	21 (13 NHL en 8 Stenden)
2016/2017	21 (17 NHL en 4 Stenden)

Boarne: NHL Stenden Hegeskoalle

Wat hat DINGtiid berikt yn 2017?

DINGtiid makket it Frysk en Taalskipper ûnderwerp fan diskusje

It ûnderwiisadvysrapport fan DINGtiid hat der mei foar soarge dat troch de polityk, media en oare partijen diskusjearre wurdt oer de posysje en takomst fan it Frysk. Ek de term 'Taalskipper' wurdt hieltyd bekender yn polityk, media en it Fryske fjild, ek as it giet om de brede ferantwurdlikens op it mêd fan it taaldossier.

DINGtiid fiert struktureler oerlis

Ienris yn it jier is der oerlis mei de deputearre en de Kommissaris fan de Kening. It is ek it doel om jierliks oerlis te hawwen mei de Minister fan Ynlânske Saken. Troch wikseling fan it kabinet is dat yn 2017 net slagge.

DINGtiid leit klam op langetermynfisy Frysk

Yn eardere advizen fan DINGtiid is klam lein op it ûntbrekken fan stjoer en fisy op it Frysk. Yn it fjild blykt der ek ferlet te wêzen fan it setten fan in stip op de hoarizon. DINGtiid hat ûnderstreke dat de provinsje dat nije elan (û.o. yn de BFTK) ferwurdzje én hannen en fuotten jaan moatte soe.

DINGtiid is sichtberder

Minsken witte DINGtiid hieltyd better te finen mei (advys)fragen. Yn 2017 hat DINGtiid fiif fragen oer it brûken fan it Frysk krigen. Troch aktyf te kommunisearjen oer it Frysk op Twitter, krijt DINGtiid hieltyd mear folgers.

Eineksamen Frysk

Stúdzjeier	vmbo/mavo	havo	vwo	Totaal
2015	35	24	26	85
2016	59	23	21	103
2017	73	18	19	110

Boarne: Fryske Akademy

Oersjoch útjeften DINGtiid 2017

Utjeften 2017	Provinsje	BZK	Totaal
<i>beskikber budzjet</i>	106.900,00	50.000,00	156.900,00
stêf DINGtiid	41.910,00		
fergoedings bestjoersleden DINGtiid		21.600,00	
húsfesting	547,00		
kommunikaasje	5.997,50		
wurk troch treden - redaksje en oersettings	2.076,95		
wurk troch treden - ûndersyk en advizen	40.680,00		
gearkomsten/DINGpetearen	1.998,88		
stúdzjereis Eupen	607,76		
oare kosten (reiskosten, administraasje, abonneminten, ensfh.)	1.068,26		
Totaal	94.886,35	21.600,00	116.486,35

Frysktalige iepenloftspullen

Simmerdeis wurde op ferskate plakken yn de provinsje iepenloftspullen opfierd. De bêste stikken en spilers kinne in Gouden Gurbe (Fryske Oscars) winne. Yn 2017 wienen der 14 Frysktalige spullen (dat wienen 13 yn 2015 en 14 yn 2016).

Boarne: iepenloftspullen.nl